

Nr.	Stelling	Standpunt	Argumentatie	Argumintaasje
1	Dantumadiel moet een zelfstandige gemeente blijven.	Eens	BBB Dantumadiel kiest bewust voor behoud van onze zelfstandige gemeente. Niet uit nostalgie, maar uit de overtuiging dat kleinere gemeenten dichter bij de burger staan, betere dienstverlening leveren en de democratische betrokkenheid bevorderen.	BBB Dantumadiel kiest bewust foar behâld fan ús ûnôfhinklike gemeente. Net út nostalgie, mar út de oertsjûging dat lytsere gemeenten tichter by de boarger steane, bettere tsjinstferliening leverje en de demokratyske belutsenheid befoarderje.
2	Bewoners die een plan hebben om hun buurt te verbeteren, moeten daarvoor geld krijgen van de gemeente.	Eens	BBB wil bewoners met goede ideeën ondersteunen, onder meer via laagdrempelige subsidies voor initiatieven die de leefbaarheid en onderlinge verbinding versterken.	BBB wol bewenners mei goede ideeën stypje, ûnder mear fia leechdrompelige subsydzjes foar inisjatyven dy't de leefberens en ûnderlinge ferbining fersterkje.
3	In Dantumadiel moeten meer bedrijventerreinen komen.	Geen van beide	BBB geeft ruimte aan ondernemers, maar wil zorgvuldig omgaan met de schaarse ruimte. Nieuwe bedrijventerreinen moeten alleen worden overwogen als dat logisch is en past bij leefbaarheid en platteland.	BBB jout romte oan ûndernimmers, mar wol soarchfâldich omgean mei de beheinde romte. Nije bedriuweterreinen moatte allinne oerwoegen wurde as dat logysk is en past by leefberens en plattelân.
4	De gemeente moet minder koopzondagen toelaten. Dit is nu elke zondag.	Oneens	De zondagsopenstelling is recent ingevoerd. Heroverwegen van de koopzondagen is niet aan de orde. We laten inwoners en ondernemers vrij in hun keuze op zondag.	De sneinsiepenstelling is koartlyn ynfierd. It op'enijs oerwage fan de keapsnein is net oan 'e oarder. Wy litte bewenners en ûndernimmers frij yn har kar op de snein.
5	Inwoners die samen duurzame energie op willen wekken, moeten financiële steun krijgen van de gemeente.	Eens	BBB wil lokale energiecoöperaties en andere initiatieven voor het opwekken van duurzame energie en het verduurzamen van woningen stimuleren, mits landbouwgrond en natuur worden ontzien.	BBB wol lokale enerzjykoöperaasjes en oare inisjatyven foar it opwekken fan duorsume enerzjy en it ferduorsumje fan wenten stimulearje, op betingst dat lânbougrûn en natuer ûntsjoen wurde.
6	De gemeente moet vluchtelingen met een verblijfsvergunning voorrang blijven geven op een sociale huurwoning.	Oneens	BBB wil dat statushouders géén voorrang krijgen bij de toewijzing van woningen en gebruikt de Huisvestingswet om dat te voorkomen.	BBB wol dat statushâlders gjin foarrang krije by de tawizing fan wenten en brûkt de hûsvestingswet om dat tsjin te gean.
7	De gemeente moet meer geld uitgeven aan integratie van nieuwkomers in de maatschappij.	Oneens	Goede integratie werkt het beste via ontmoeting. Door nieuwkomers in contact te brengen met sportclubs, verenigingen en vrijwilligers ontstaat echte verbinding. Dat versterkt het lokale verenigingsleven met nieuwe leden en kost geen extra gemeentegeld, maar bouwt op mienskip en vertrouwen.	Goede yntegraasje wurket it bêste fia moetsjen. Troch nijkommers yn kontakt te bringen mei sportklubs, ferienings en frijwilligers ûntstiet echte ferbining. Dat fersterket it lokale ferieningslibben mei nije leden en kostet gjin ekstra gemeentegeld mar bout op mienskip en fertrouwen.
8	De gemeente moet zonnepanelen op landbouwgrond of oppervlaktewater. Duurzame energie krijgt ruimte, maar niet ten koste van landbouw en natuur.	Oneens	BBB wil geen zonnepanelen op landbouwgrond of oppervlaktewater. Duurzame energie krijgt ruimte, maar niet ten koste van landbouw en natuur.	BBB wol gjin sinnepanelen op lânbougrûn of iepen wetter. Duorsume enerzjy krijt romte, mar net te koste fan lânbou en natuer.
9	In Dantumadiel moeten meer openbare toiletten komen.	Eens	BBB wil leefbare dorpen met voldoende voorzieningen. Extra openbare toiletten passen bij een toegankelijk en gastvrij Dantumadiel voor inwoners én bezoekers.	BBB wol leefbere doarpen mei foldwaande foarsjenings. Ekstra iepenbiere toiletten passe by in tagonklik en gastfrij Dantumadiel foar bewenners en besikers.
10	De gemeente moet ondernemers financieel helpen om hun gebouw toegankelijker te maken voor mensen met een beperking.	Oneens	Toegankelijkheid is een verantwoordelijkheid van ondernemers zelf, vooral bij nieuwbouw of verbouw. Dat is een basisstandaard, geen reden voor subsidie.	Tagonklikheid is in ferantwurdlikens fan ûndernimmers sels, foaral by nijbou of ferbou. Dat is in basis standert, gjin reden foar subsydzjes.
11	De gemeente moet het lidmaatschap van een sportclub betalen voor kinderen van ouders met een bijstandsuitkering.	Eens	BBB wil dat ieder kind kan sporten, ongeacht inkomen. Het ondersteunen van sportlidmaatschappen voor kinderen in gezinnen met een laag inkomen past bij die ambitie.	BBB wol dat elk bern sporte kin, net achte it ynkommen fan de âlders. It stypjen fan sportlidmaatskip foar bern út hûshâldings mei in leech ynkommen past by dy ambysje.
12	De gemeente moet in de komende raadsperiode geld steken in het verbeteren van alle schoolgebouwen.	Eens	BBB wil toekomstbestendige, bereikbare scholen in de dorpen. Investeren in goede, veilige en passende schoolgebouwen past bij die ambitie.	BBB wol takomstbestindige, berikbere skoallen yn de doarpen. Ynvestearje yn goede, feilige en passende skoalgebouwen past by dy ambysje.
13	Elk basisschoolkind moet met subsidie van de gemeente muzikles kunnen krijgen.	Eens	Muzikles past goed bij BBB, maar dan slim georganiseerd en niet met dure individuele subsidies. Een wekelijkse muziek- of zangles op school is efficiënt, betaalbaar en helpt tegen laaggeletterdheid doordat kinderen veel samen lezen en zingen.	Muzykles past goed by BBB, mar dan tûk organisearre en net mei djoere yndividuele subsydzjes. In wyklikse muzyk- of sjongles op skoalle is effisjint, betelber en helpt tsjin letterswakkens trochdat bern in soad mei-inoar lêze en sjonge.
14	De gemeente moet aanmoedigen dat op alle basisscholen aandacht wordt besteed aan het Fries.	Eens	BBB ziet het Fries als wezenlijk onderdeel van de lokale identiteit. Aandacht voor het Fries op basisscholen past bij het koesteren van taal, cultuur en mienskip.	BBB sjocht it Frysk as wêzentlik ûnderdiel fan de lokale identiteit. Oandacht foar it Frysk op basisskoallen past by it koesterjen fan taal, kultuer en mienskip.
15	In Dantumadiel moeten meer gemeentelijke handhavers (boa's) komen die zich met veiligheid bezighouden.	Oneens	BBB vertrouwt op de kracht van mienskip en eigen verantwoordelijkheid. Eerst willen we de zichtbaarheid en bereikbaarheid van de bestaande wijkagenten en BOA's verbeteren, in plaats van direct meer functies toe te voegen.	BBB fertrout op de krêft fan mienskip en eigen ferantwurdlikheid. Earst wolle wy de sichtberens en berikerens fan de besteande wykaginten en BOA's ferbetterje, ynstee fan direkt mear funksjes ta te foegjen.
16	De gemeente moet de politie vragen om in elk dorp wekelijks een spreekuur te houden met de wijkagent.	Eens	We willen de bereikbaarheid van wijkagenten en BOA's verder versterken. Daarom pleiten we voor vaste spreekuren, bijvoorbeeld in dorpshuizen of MFC's	Wy wolle de berikerens fan wykaginten en BOA's fierder fersterkje. Dêrom pleitsje wy foar fêste sprekeroeren, bygelyks yn doarpshuzen of MFC's.
17	Bij de toewijzing van een sociale huurwoning moeten woningzoekenden uit de eigen gemeente voorrang krijgen.	Eens	BBB wil dat mensen met een sterke lokale binding voorrang krijgen bij woningen, zodat inwoners in hun eigen omgeving kunnen blijven wonen en dorpen leefbaar blijven.	BBB wol dat minsken mei in sterke lokale binning foarrang krije by wenningen, sadat ynwenners yn harren eigen omjouwing wenjen bliuwe kinne en doarpen leefber bliuwe.
18	Van de nieuw te bouwen woningen in Dantumadiel moet minimaal 40% een sociale huurwoning zijn. In Nederland is nu 28% van de woningen een sociale huurwoning.	Oneens	BBB wil een goede mix van koop, middenhuur en sociale huur. Een vaste 40%-norm kan plannen onnodig beperken; beter per dorp en project bepalen wat nodig is voor een leefbare, gemengde buurt.	BBB wol in goede miks fan keap, middenhier en sosjale hier. In fêste 40%-noarm kin plannen ûnnedich beheine; better per doarp en projekt bepalen wat nedich is foar in leefbere, mingde buurt.

19	De gemeente moet nieuwbouw buiten de bestaande dorpsgrenzen tegengaan.	Eens	BBB wil zuinig omgaan met ruimte. Door vooral binnen of direct aan de dorpen te bouwen, beschermen we ons karakteristieke coulisselandschap en landbouwgrond en blijft het dorpskarakter goed behouden.	BBB wol sunich omgean mei romte. Troch foaral binnen of direkt oan de doarpen te bouwen, beskermje wy ús karakteristike kûlisselânskip en lânbougrûn en bliuwt it doarpskarakter goed behâlden.
20	De gemeente moet meer mensen in armoede ondersteunen door de inkomensgrens voor hulp te verhogen.	Eens	BBB wil dat inwoners op tijd hulp krijgen, ook als ze net iets meer verdienen dan het minimum. Een iets hogere inkomensgrens en maatwerk voorkomen dat problemen uit de hand lopen en dure zorg en schulden opleveren. Zo helpen we wie het echt nodig heeft en blijven de kosten beheersbaar.	BBB wol dat ynwenners op tiid help krije, ek as se krekt wat mear fertsjinje as it minimum. En wat hegere ynkommensgrins en maatwurk foarkomme dat problemen út de hân rinne en djoeere soarch en skulden opleverje. Sa helpe wy wa't it echt nedich hat en bliuwe de kosten beheersber.
21	Mensen die een bijstandsuitkering krijgen, moeten in ruil daarvoor maatschappelijk zinvol werk doen.	Oneens	BBB gelooft in verantwoordelijkheid en meedoen naar vermogen. Niet iedereen automatisch verplichten, maar wel rechtmatigheid bewaken en verwachtingen stellen waar het past. Maatwerk en vertrouwen gaan voor starheid.	BBB leaut yn ferantwurdlikheid en meidwaan nei fermogen. Net elkenien automatysk ferplichtsje, mar wol rjochtmjittichheid bewekje en ferwachtingen stelle wêr't it past. Maatwurk en fertrouwen geane foar strakkens yn'e rigels.
22	Er moeten veel meer gesubsidieerde banen voor langdurig werklozen komen in onze gemeente.	Oneens	BBB zet in op maatwerk: soms kan een gesubsidieerde baan passen, maar massaal uitbreiden is niet de oplossing. Liever investeren in scholing en begeleiding zodat mensen een gewone baan vinden.	BBB set yn op maatwurk: soms kin in subsidiearre baan passe, mar massaal útweidzje is net de oplossing. Leaver ynvestearje yn skoalling en begelieding sadat minsken in gewoane baan fine.
23	De gemeente moet stoppen met het kwijtschelden van de gemeentelijke belastingen voor inwoners met een laag inkomen.	Oneens	BBB wil zuinig zijn op gemeentegeld, maar ook niemand laten vallen. Kwijtschelding voor de laagste inkomens blijft nodig als laatste vangnet. We kijken wel scherp of regelingen doelgericht en eerlijk worden toegepast.	BBB wol sunich wêze op gemeentegeld, mar ek nimmen falle litte. frijskatting foar de leechste ynkommens bliuwt nedich as lêste fangnet. Wy sjogge wol skerp oft regelingen doelrjochte en earlik tapast wurde.
24	De gemeente moet bezuinigen op het jongerenwerk.	Oneens	Jongerenwerk voorkomt problemen later. BBB wil investeren in een gezonde en actieve jeugd en ziet jongerenwerk als onderdeel van preventie, niet als post om op te bezuinigen.	Jongereinwurk foarkomt problemen letter. BBB wol ynvestearje yn in sûne en aktive jeugd en sjocht jongereinwurk as ûnderdiel fan previnsje, net as post om op te besunigen.
25	De gemeente moet meer parkeerplaatsen aanwijzen als oplaadplekken voor elektrische auto's.	Oneens	Elektrisch rijden groeit, dat zien we. Maar nu is er geen behoefte; inwoners zijn tevreden over parkeren. Laadpalen moeten komen waar vraag ontstaat. We gaan niet standaard bestaande parkeerplekken omzetten zonder reden.	Elektrysk riden groeit, dat sjogge wy. Mar no is der gjin ferlet; ynwenners binne tefreden oer parkearjen. Laadpeallen moatte komme wêr't fraach ûntstiet. Wy geane net standert besteande parkearplakken omsette sûnder reden.
26	Parkeren bij winkelcentra moet gratis blijven.	Eens	Lokale winkels houden onze dorpen leefbaar. Extra parkeerkosten werken drempelverhogend voor inwoners en ondernemers. BBB wil sterke dorpscentra en geen onnodige financiële barrières bij het doen van boodschappen.	Lokale winkels hâlde ús doarpen leefber. Ekstra parkearkosten wurkje drempelferheegjend foar ynwenners en ûndernimmers. BBB wol sterke doarpsintra en gjin ûnnedige finansjele barriêres by it dwaan fan boadskippen.
27	De maximumsnelheid binnen de bebouwde kom moet naar 30 km/u.	Oneens	BBB maakt verkeersveiligheid prioriteit. Maar niet overall is 30 km/u nodig. Bij scholen en drukke dorpskernen ja—maar niet standaard overall. We kiezen voor maatwerk: veilige maatregelen waar werkelijk nodig.	BBB makket ferkearsfeiligheid prioriteit. Mar net oeral is 30 km/u nedich. By skoallen en drokke doarpskearnen ja—mar net standert oeral. Wy kieze foar maatwurk: feilige maatregels wêr't werlik nedich.
28	Mensen die zorg nodig hebben, moeten altijd kunnen kiezen voor een zorgverlener die past bij hun geloof, cultuur of levensovertuiging.	Eens	BBB zet de mens centraal, niet het systeem. Keuzevrijheid en maatwerk horen daarbij, maar binnen wat praktisch en betaalbaar te organiseren is in Dantumadiel.	BBB set de minske sintraal, net it systeem. karfrijheid en maatwurk hearre dêrby, mar binnen wat praktysk en betelber te organisearjen is yn Dantumadiel.
29	De gemeente moet bij het selecteren van organisaties voor jeugdhulp vooral letten op de prijs.	Oneens	BBB kiest voor jeugdhulp die echt werkt. Goede hulpaanbieders met bewezen resultaten voorkomen dat problemen groter worden—en dat bespaart de gemeente op lange termijn kosten en zorgt voor een betere toekomst voor onze kinderen.	BBB kiest foar jeugdhulp dy't echt wurket. Goede helpoanbieders mei bewiisde resultaten foarkomme dat problemen grutter wurde—en dat besparret de gemeente op lange termyn kosten en soarget foar in bettere takomst foar ús bern.
30	De gemeente moet geld steken in een rondweg bij De Westereen met aansluiting op de Centrale As.	Oneens	Een rondweg is duur en gaat ten koste van de mooie omgeving, terwijl veel inwoners het probleem niet delen. Bij herinrichting Foarstrjitte moet naast verkeersveiligheid, de doorstroming gewaarborgd blijven.	In rûnwei is djoeer en giet ta skea fan de moaie omjouwing, wylst in soad ynwenners it probleem net diele. By werynrjochting Foarstrjitte moat njonken ferkearsfeiligheid, de trochstreaming boarge bliuwe.
31	De gemeente moet investeren in verkeersveiligheid binnen de dorpen.	Eens	BBB maakt verkeersveiligheid prioriteit. Veilige straten voor kinderen, ouderen en fietsers zijn essentieel voor leefbare dorpen. We nemen signalen van inwoners serieus en zorgen voor veilige oversteekplaatsen en gerichte maatregelen.	BBB makket ferkearsfeiligheid prioriteit. Feilige strjitten foar bern, âlderen en fytsers binne essinsjeel foar leefbere doarpen. Wy nimme sinjalen fan ynwenners serieus en soargje foar feilige oerstekplakken en rjochte maatregels.
32	De gemeente moet meer geld steken in de aanleg van bredere en veiligere fietspaden in het buitengebied.	Eens	Fietspaden zijn essentieel voor veiligheid en bereikbaarheid op het platteland. BBB investeert in goede fietspaden voor fietsers van alle leeftijden, zodat fietsen een veilig en aangenaam vervoersmiddel blijft.	Fytspaden binne essinsjeel foar feiligheid en berikberens op it plattelân. BBB ynvestearret yn goede fytspaden foar fytsers fan alle leeftiden, sadat fytzen in feilig en noflik ferfiermiddel bliuwt.
33	De gemeente moet minder drempels, paaltjes en andere verkeersremmende maatregelen aanleggen.	Eens	BBB herkent dat Dantumadiel op sommige routes volgestouwd is met drempels en obstakels, wat bereikbaarheid en leefbaarheid bemoeilijkt. We pleiten voor minder maatregelen waar ze niet echt nodig zijn, maar behouden ze waar veiligheid echt telt.	BBB sjocht dat Dantumadiel op guon rûtes foltroppe is mei drempels en obstakels, wat berikberens en leefberens lestich makket. Wy pleitsje foar minder maatregels wêr't se net echt nedich binne, mar behâlde se wêr't feiligheid echt telt.
34	De gemeente moet zich inzetten voor het behoud van busverbindingen in de dorpen.	Eens	Goed openbaar vervoer is essentieel voor bereikbaarheid van dorpen, vooral voor ouderen en jongeren zonder auto. BBB zet zich in voor behoud van busverbindingen die dorpen bereikbaar en leefbaar houden.	Goed iepenbier ferfier is essinsjeel foar berikberens fan doarpen, foaral foar âlderen en jongeren sûnder auto. BBB set him yn foar behâld fan busferbiningen dy't doarpen berikber en leefber hâlde.
35	Het huidige gemeentehuis moet worden opgeknapt, en niet plaatsmaken voor nieuwbouw.	Oneens	Twee scenario's moeten worden afgewogen: renoveren versus nieuwbouw. Kijk wat op langere termijn financieel aantrekkelijker is, inclusief bereikbaarheid voor bezoekers en medewerkers. Maak een weloverwogen keuze.	Twa senario's moatte ôfwage wurde: renovearje tsjinoer nijbou. Sjoch wat op langere termyn finansjeel oantrekliker is, ynklusyf berikberens foar besikers en meiwurkers. Meitsje in goed trochtochte kar.

36	De gemeente moet standaard ook in het Fries communiceren met inwoners, naast het Nederlands.	Eens	90% van Dantumadiel spreekt Fries; tweetalige communicatie is dus logisch en passend. Hoewel er beleid bestaat, gebeurt het nog niet standaard. BBB wil Fries als volwaardige taal in alle gemeentelijke communicatie.	90% fan Dantumadiel praat Frysk; twatalige kommunikaasje is dus logysk en passend. Hoewol't der belied bestiet, bart it noch net standert. BBB wol Frysk as folweardige taal yn alle gemeentlike kommunikaasje.
37	De gemeente moet dorpsverenigingen zo vaak mogelijk een meerjarige vergunning verlenen.	Eens	BBB wil minder regels en meer vertrouwen. Meerjarige vergunningen geven verenigingen rust en ruimte om sterke, gezellige evenementen voor de mienskip te organiseren.	BBB wol minder regels en mear fertrouwen. Mearjierrige fergunningen jowe ferieningen rêst en romte om sterke, gesellige eveneminten foar de mienskip te organisearjen.
38	De gemeente moet strenger controleren op misbruik van WMO- en zorggelden.	Eens	BBB wil dat ieder zorggeld ten goede komt aan inwoners die ondersteuning nodig hebben. Met zorgvuldige controles voorkomen we misbruik én houden we ruimte voor warme, passende zorg op maat.	BBB wol dat elk soarchjild te goede komt oan ynwenners dy't stipe nedich hawwe. Mei soarchfâldige kontrôles foarkomme wy misbrûk én hâlde wy romte foar waarme, passende soarch op maat.
39	De gemeente moet zorgen voor laagdrempelige aanspreekpunten in ieder dorp voor inwoners met vragen over zorg en welzijn.	Eens	BBB wil hulp en ondersteuning dicht bij mensen organiseren, via dorpshuizen, gebiedsteams en vaste inlooppmomenten. Zo wordt zorg toegankelijk en menselijk.	BBB wol help en stipe ticht by minsken organisearje, fia doarpshuzen, gebietsteams en fêste ynrimominten. Sa wurdt soarch tagonklik en minsklik.
40	De gemeente moet meer investeren in het gezond en zelfstandig houden van inwoners.	Eens	BBB legt sterk de nadruk op preventie, beweging, ontmoeten en vroegtijdige steun. Investeren hierin voorkomt zwaardere zorg en houdt inwoners langer vitaal en zelfstandig.	BBB leit sterk de klam op previnsje, bewegje, moetsje en betide stipe. Ynvestearje hjirn foarkomt swierdere soarch en hâldt ynwenners langer fitaal en selsstannich.
41	Dantumadiel mag niet meer geld uitgeven dan er binnenkomt.	Eens	BBB vindt het belangrijk dat we niet meer uitgeven dan er binnenkomt. We letten goed op onze gemeentelijke financiën. We realiseren ons dat onze inkomsten zijn betaald door de inwoners van onze gemeente en de burgers van Nederland.	BBB fynt it wichtich dat wy net mear útjouwe as der ynkomt. Wy lette goed op ús gemeentlike finânsjes. Wy realisearje ús dat ús ynkomsten betelle binne troch de ynwenners fan ús gemeente en de boargers fan Nederlân.
42	De gemeente moet lokale bedrijven actiever uitnodigen bij aanbestedingen van opdrachten.	Eens	BBB vindt dat de gemeentelijke organisatie producten en diensten bij voorkeur lokaal moet inkopen, met een roulatiesysteem zodat meer ondernemers aan bod komen; bij onderhandse aanbestedingen wordt altijd minimaal één lokale ondernemer uitgenodigd, mits beschikbaar.	BBB fynt dat de gemeentlike organisaasje produkten en tsjinsten by foarkar lokaal ynkeapje moat, mei in rôlaasjesysteem sadat mear ûndernimmers oan bod komme; by ûnderhânske oanbestegingen wurdt altyd minimaal ien lokale ûndernimmer útnûge, mits beskikber.
43	De gemeente moet ook geld steken in dorpsvoorzieningen die door weinig mensen worden gebruikt.	Eens	BBB vindt dat voorzieningen zoals winkels, sportfaciliteiten, medische zorg, dorpshuizen en scholen waar mogelijk moeten worden behouden—want zij zijn cruciaal voor leefbare dorpen en sociale verbinding.	BBB fynt dat foarsjeningen lykas winkels, sportfasiliteiten, medyske soarch, doarpshuzen en skoallen wêr mooglik behâlden wurde moatte—want sy binne krúsjaal foar leefbere doarpen en sosjale ferbining.
44	De gemeente moet duurzaamheidssubsidies voor inwoners behouden.	Eens	BBB moedigt het verduurzamen van woningen aan. Bestaande subsidies voor isolatie blijven daarom behouden.	BBB oanmoedicht it ferduorsumjen fan wenningen. Bestaende subsydzjes foar isolaasje bliuwe dêrom behâlden.
45	De gemeente moet een subsidie voor thuisbatterijen instellen.	Oneens	Thuisbatterijen zijn opslag, geen energiebesparing. Er is geen landelijke subsidie en de terugverdiendtijd is zeer lang. BBB kiest voor betaalbare duurzaamheid en verzet zich tegen dure plannen met weinig effect.	Thûsbatterijen binne opslach, gjin enerzjybesparing. Der is gjin lanlike subsydzje en de weromfertsjintiid is tige lang. BBB kiest foar betelbere duorsumens en ferset him tsjin djoere plannen mei in bytsje effekt.
46	Als een wolf problemen geeft, moet de gemeente er bij de provincie op aandringen deze te laten afschieten.	Eens	BBB wil dat burgemeesters meer mogelijkheden krijgen om op te treden bij probleemwolven. Dit is nodig voor de veiligheid van mensen, vee en huisdieren in onze dorpen.	BBB wol dat boargemasters mear mooglikheden krije om op te treden by probleemwolven. Dit is nedich foar de feilichheid fan minsken, fee en húsdieren yn ús doarpen.
47	De gemeente moet geld steken in het aanplanten van nieuwe bomen.	Eens	BBB vindt groen in de buurt belangrijk. Bomen geven schaduw op warme dagen, maken de leefomgeving gezonder en zorgen voor fijne plekken waar je kunt ontspannen. Iedereen moet vanuit huis bomen zien.	BBB fynt grien yn de buert wichtich. Beammen jouwe skaad op waarme dagen, meitsje de leef omjouwing sûner en soargje foar noflike plakken wêr'tst ûntspanne kinst. Elkenien moat fanút hús beammen sjen kinne.
48	De gemeente moet een sociale kringloopwinkel opzetten waar mensen die moeilijk een baan vinden kunnen werken.	Oneens	BBB wil graag mensen helpen die moeilijk aan werk komen. Dit kan via Dokwurk of door samen te werken met organisaties die er al zijn. De gemeente hoeft niet zelf een winkel te runnen.	BBB wol graach minsken helpe dy't dreech oan wurk komme. Dit kin fia Dokwurk of troch gear te wurkjen mei organisaasjes dy't der al binne. De gemeente hoecht net sels in winkel te runnen.
49	De gemeente moet het mogelijk maken om bouwgrond te pachten.	Eens	BBB wil betaalbaar bouwen mogelijk maken en jongeren helpen om in hun eigen dorp te blijven wonen. Pachtgrond kan drempels verlagen voor wie wil bouwen maar de grond niet direct kan kopen.	BBB wol betelber bouwen mooglik meitsje en jongeren helpe om yn harren eigen doarp wenjen te bliuwen. Pachtgrûn kin drompels ferleegje foar wa't bouwe wol mar de grûn net direkt keapje kin.
50	De gemeente moet bouwlocaties in Dantumadiel aanwijzen waar wonen en zorg kunnen worden gecombineerd.	Eens	BBB vindt dat ouderen dichtbij hun vertrouwde buurt moeten kunnen blijven. Door locaties aan te wijzen maken we woon-zorgcombinaties echt mogelijk. Zo kunnen mensen langer thuis blijven, met de zorg die ze nodig hebben.	BBB fynt dat âlderen tichtby harren fertroude buert bliuwe kinne moatte. Troch lokaasjes oan te wizen meitsje wy wen-soarchkombinaasjes echt mooglik. Sa kinne minsken langer thús bliuwe, mei de soarch dy't se nedich hawwe.
51	De gemeente moet zich inzetten voor meer nieuwbouw in de grotere kernen van Dantumadiel.	Eens	BBB kiest voor verstandig bouwen: meer in grotere kernen waar ruimte en voorzieningen zijn, kleinschalig en naar behoefte in kleinere dorpen. Zo blijven alle dorpen leefbaar en helpen we iedereen die een betaalbare woning zoekt.	BBB kiest foar ferstannich bouwen: mear yn gruttere kearnen wêr't romte en foarsjeningen binne, lytsskalich en nei ferlet yn lytsere doarpen. Sa bliuwe alle doarpen leefber en helpe wy elkenien dy't in betelbere wenning siket.
52	Inwoners moeten op hun eigen erf een extra woning kunnen bouwen voor hun kinderen of ouders.	Eens	BBB wil flexibel omgaan met bestaande ruimte. Een extra woning op eigen terrein helpt gezinnen voor elkaar te zorgen en brengt generaties dicht bij elkaar. Dat is mienskip in de praktijk.	BBB wol fleksibel omgaan mei besteande romte. In ekstra wenning op eigen hiem helpt húshâldings foar inoar te soargjen en bringt generaasjes tichter by inoar. Dat is mienskip yn de praktyk.
53	De gemeente moet wooncoöperaties, hofjes en andere nieuwe woonvormen ondersteunen.	Eens	BBB steunt nieuwe wooninitiatieven actief. Collectieve jongerenprojecten krijgen lagere grondprijzen en hulp bij vergunningen. Ook kleinschalige woon-zorgcentra worden gestimuleerd. Zo krijgen mensen zelf regie over hun wonen.	BBB stipet nije weninisjativen aktyf. Kollektive jongereinprojekten krije legere grûnprijzen en help by fergunningen. Ek lytsskalige wen-soarchsintra wurde stimulearre. Sa krije minsken sels rezjy oer harren wenjen.

54	De gemeente moet meer geld besteden aan handhaving dan aan preventie.	Oneens	BBB kiest voor preventie en vertrouwen boven controle. Door in te zetten op jongerenwerk en vroege signalering voorkomen we problemen. BBB staat voor minder regels en meer vertrouwen in inwoners. Dat past bij Dantumadiel.	BBB kiest foar previnsje en fertrouwen boppe kontrôle. Troch yn te setten op jongereinwurk en betide sinjalearjen foarkomme wy problemen. BBB stiet foar minder regels en mear fertrouwen yn ynwenners. Dat past by Dantumadiel.
55	De gemeente moet geld steken in maatregelen om te voorkomen dat jongeren drugs gaan gebruiken.	Eens	BBB vindt drugspreventie belangrijk. Een proef op basisscholen met VNN, ROOBOL, GGD, Theater SMOAR en Yfke loopt nu in De Westereen. Als dit goed werkt, wil BBB dit uitbreiden naar andere scholen. Voorkomen is beter dan genezen.	BBB fynt drugsprevinsje wichtich. In proef op basisskoallen mei VNN, ROOBOL, GGD, Teater SMOAR en Yfke rint no yn De Westereen. As dit goed wurket, wol BBB dit útwreidzje nei oare skoallen. Foarkommen is better as genêzen.
56	De gemeente moet niet meer vluchtelingen opvangen dan wettelijk verplicht is.	Eens	BBB wil de asielinstroom verminderen. De gemeente moet niet meer vluchtelingen opvangen dan verplicht. Opvang moet in verhouding tot het aantal inwoners, met respect voor de gemeenschap en zonder mensen te overvragen.	BBB wol de asylynstream ferminderje. De gemeente moat net mear flechtlingen opfange as ferplicht. Opfang moat yn ferhâlding ta it oantal ynwenners, mei respekt foar de mienskip en sûnder minsken te oerfreegjen.
57	De gemeente moet één gemeentelijk sportbedrijf alle sportvoorzieningen laten beheren en onderhouden.	Oneens	BBB vindt sporten belangrijk. Wanneer verenigingen zelf hun accommodaties beheren, blijven mensen betrokken en actief. We ondersteunen verenigingen in alle dorpen. Dat werkt beter dan een centraal sportbedrijf.	BBB fynt sporten wichtich. Wannear't ferieningen sels harren akkommodaasjes beheare, bliuwe minsken belutsen en aktyf. Wy stypje ferieningen yn alle doarpen. Dat wurket better as in sintraal sportbedriuw.
58	De gemeente moet extra hulp bieden aan basisscholen die samen onder een dak willen worden gehuisvest.	Eens	BBB wil fusies en sluitingen voorkomen door scholen te ondersteunen bij samenwerking. Denk aan gezamenlijke vakdocenten of gedeelde faciliteiten. Zo blijven scholen bereikbaar in elk dorp.	BBB wol fúzjes en slutingen foarkomme troch skoallen te stypjen by gearwurking. Tink oan mienskiplike fakdosinten of dielde fasiliteiten. Sa bliuwe skoallen berikber yn elk doarp.